

Ljouwert, maaie 2010

Nije útjefte klassike roman *Leafdedea* Tajefte mei alternatyf slot

Titel: *Leafdedea*
Auteur: Homme Earnstma
Aantal pagina's: 103
ISBN: 978-90-8954-302-8
Prijs: € 13,50

Oer it boek:

Wibe Baron van Holdinga, fan heitekant út in Frysk adellik laach en fan memmekant út in bankiersfamylje, wurdt nei de Frânsk-Dútske oarloch fan 1870-71 smoar ende smoarryk. Hy keapet op 'e Beurs mei opsetsin oars net as oandienen dy't noait rendearje kinne.

'Goud meitsje út neat' is syn sechje. Foar Wibe syn spoek-ekonomy oer stiet yn *Leafdedea* de tún fan Holdingastate, in wrâld dêr't Wibe gjin inkelde modernisearing tastiet, 'want de tún, dat wie syn libben.' Yn dat ierdske paradys woeks syn leafde foar Eabeltje op troch harren hertstochtlik leafdesspul. Dy leafde hoedet en besiet syn libben oan de dea ta.

Leafdedea is in nijsgjirrige Fryske roman út 1963. Skriuwer is Homme Earnstma, pseudonym fan Feijo Schelto Sixma Baron van Heemstra (1916-1999), koartwei de Baron. Hy woe 'de mytology wer libben meitsje' en dat is him mei *Leafdedea* treflik slagge. De roman ferskynde yn 1963 by Quatrebras yn Amsterdam, en waard yn 1994 op 'e nij útjûn troch de KU te Boalsert.

Amouramort, de oersetting yn it Frânsk troch Agnes Caers, ferskynde yn 1997. It boek stiet op 'e list mei boeken dêr't Afûk B-kursisten út kieze kinne foar har literatuereksamen.

Yn de rige 'Nije bibleteek' fan Tresoar, DBNL en Elikser komt no in nije edysje fan it boek út. De tekst fan de earste printing is omstaverre mar fierder sa trou mooglik werjûn. Oersetster Agnes Caers fertelt yn in koart neiwurd dat de Baron yn de jierren tachtich in oersetting makke hat yn it Hollânsk, dêr't er it slot yn feroare. Fryske lêzers kinne de alternative ôfrin no yn it neiwurd lêze.

Jan Mysjkin, oersetter út it Frânsk, makke de elegante Hollânske ferzje fan baron Van Heemstra ree foar publikaasje. Der wurde prikken yn it wurk steld om '*Liefdedood*. Roman. Vertalend uit het Fries, geschreven door de auteur' ek út te jaan. Atte Jongstra neamde de roman 'een ontdekking' yn syn besprek fan Alpita de Jong har proazablomlêzing *Fries Stamboek* út 2000.



Oer de skriuwer:

Feijo Schelto Sixma Baron van Heemstra, Den Haach, 1916 – It Hearrenfean, 1999. Keunsthistoarikus; ryksamtner en learaar; oersetter by de EEG; oprjochter fan in fertaalburo foar minderheden yn Amsterdam. Publisearre wittenskiplike stúdzjes yn it Frysk, Hollânsk en Frânsk; ûnder de skriuwersnamme **Homme Earnstma** nêst *Leafdedea* ek *Marginale Minsken* (1968), *Ook dit gaat voorbij* (1985) en *Roman Hagois* (1998).

Underskrift foar de redaksje:

Wolle jo mear ynformaasje oer it boek of de TDE-rige, dan kinne jo kontakt opnimme mei:
Teake Oppewal, tel. 058-7890767